

# Tentamenstof eintoets Frysk pabo 1

## Staving:

- s/z, f/v
- g/ch
- û/oe
- u/ú/ue
- dakjes
- tusken-n
- oergongs-w
- faak foarkommende wurdsjes
- i/y/ii/ie
- soldaten-regel
- twalûden en brekking
- ij/ai/aai/y
- d's en t's yn tiidwurden
- i-klanken en u-klanken foar sj/zj/vj
- stomme letters
- frjemde wurden
- regels dy't it Nederlânsk ek hat

## Wurdskat

- wurdbetizing / wurdskat (opjûn as learstof yn perioade 1 en 2)

## Grammatika

- *tiidwurdfolchoarder*
- tiidwurden op -iuwe / -eauwe
- ûntleden yn it Frysk
- gean en bliuwe as helptiidwurd
- dêr't / wêr't
- gebrûk fan wêze/wurde/gean

## Berneboeken

- trije berneboeken foar groep 5/6/7/8  
(Twa meist yn de les meitsje, de tredde makkest op de toets sels. Ast in boekferslach net yn de les makkest, meist it op de toets ynhelje, mar dan mei it boek sels der net by.)

## Planning perioade 2

### Wike 46 (10 of 13 novimber)

- tarieding: gjin
- útlis perioade 2
- útlis brekking
- selsstannich wurkje út dizze reader
- neisjen oefening 1 en 2

### Wike 47 (17 of 20 novimber)

- stellingespul
- besprekke tentamen

### Wike 48 (24 of 27 novimber)

- tarieding: Frysk berneboek foar groep 5/6 lêzen hawwe
- boekferslach meitsje (45 minuten)
- selsstannich wurkje út dizze reader

### Wike 49 (1 of 4 desimber)

- oefentoets oer de stof fan oefening 1-13 (+ alles fan perioade 1)
- selsstannich wurkje út dizze reader

### Wike 50 (8 of 11 desimber)

- tarieding: ien fan de boeken meinimme dy'tst al lêzen hast (yn per.1 of 2)
- oefenje mei foarlêze
- selsstannich wurkje út dizze reader

### Wike 2 (5 of 8 jannewaris)

- tarieding: Frysk berneboek foar groep 7/8 lêzen hawwe
- boekferslach meitsje (45 minuten)
- kwis oer de stof fan perioade 1 en 2

### Wike 3 (12 of 15 jannewaris)

- selsstannich wurkje út dizze reader
- oefentoets

### Foar de toets:

- tarieding: noch in Frysk berneboek foar groep 5/6/7/8 lêzen hawwe

## Materiaal

Wy wurkje yn perioade 2 foaral út dizze reader. Dêrneist brûke wy wer YouTube-filmkes.

Op side 3-10 steane de oefeningen. Op side 11-20 stiet de útlis fan de nije stof.

Kinst de oefeningen sels neisjen. De antwurden steane op [www.henkwolf.nl](http://www.henkwolf.nl). Klik op 'Argyf' en sjoch dan by 2014 by 'Antwurden reader pabo 1, 2014-2015'.

### Oefening 1

Bestudearje learblok 1 en it filmke dat derby heart.

Skriuw de ûndersteande sinnen oer. Folje yn op de puntsjes: **e/ee/a/aa/o/oo**.

1. M...ster jout ...lle fr...den in dr....ch dikt....
2. De bern h...wwe der in h...kel oan.
3. Hy m...kke d...n f...n dy dr...ge sinnen, s.... ..s:
4. Yn it kaf... oan s.... siet in prostitu... te t....drinken.
5. Doe' t de bern thús k.... men hie mem de t.... d....n ....l klear.
6. Mem h...pet d...t de bern in kn...p sifer h...lje.
7. M...r soe it w...l sl...gje?
8. Mem soe it sl....d klearmeitsje, mar se koe it better oan de b.....rch j...n.

### Oefening 2

Bestudearje learblok 2 en it filmke dat derby heart.

Jou it meartal en it ferlytsingswurd fan de ûndersteande wurden:

(Foarbyld: stien - stiennen - stientsje)

jier	hoas
bear	keal
tean	beam
keal	skoalle
roas	koal
stoel	fear
kiel	priem
broer	hoed
tried	doar
soal	poel

### Oefening 3

Skriuw de ûndersteande sinnen oer. Folje yn op de puntsjes: **ea/je, ie/ji, oe/uo, oa** en ferdûbelje de medeklinker as dat nedich is:

1. De tr.....nen rûnen him oer de wangen fan de k.....ld.
2. De grouwe b.....re fan ús b.....rman is juster op 'e str....te d.....riden.
3. Wy g.....ne teg.....re nei de ts.....rke yn it d.....rp.
4. Mei de fûle st.....rm fan .....rjuster binne ts.....n b.....mkes omwaaid.
5. De sk....le krige in s.....d nij b.....rtersg.....d fan de b.....rgemaster.
6. Do m....tst de leppels en f.....rken by de b.....rden lizze.
7. Yn 'e h.....rst wurde de b.....men h.....ltyd k.....ler.
8. Op de l.....der b.....re Jeltsje mei de b.....r in gat yn 'e m.....re.
9. Dy langtr.....derige ferhalen fan dy l.....raar d.....ren f..rstente lang.
10. Yn myn sl.....p dr.....mde ik dat ik op 'e m.....ne .....n it k.....tsen w.....

### Oefening 4

Geef in het Nederlands antwoorde op de volgende vragen:

1. Waarom schrijven we een dubbele **m** in 'beammen'?
2. Waarom schrijven we het woordje 'hear' in de zin 'Kom mar, hear' zonder **j** erin?
3. Waarom schrijven we geen **j** in 'stiennen', maar wel in 'strjitte'?
4. Kan iemand die geen Fries spreekt aan het woord 'roaske' zien of dat met breking wordt uitgesproken?
5. Waarom schrijven we maar één **l** in 'bôle'?
6. Waarom schrijven we geen dakje op de **e** fan 'stedsje'?
7. Waarom schrijven we 'jûn' (avond) met **û** en niet met **oe**?
8. Waarom schrijven we 'stoel' met **oe** en niet met **û**?

9. Waarom schrijven we 'soarch' met **ch** en niet met **g**?
10. Op welke Friese letter kan een streepje staan?

### Oefening 5

*Bestudearje learblok 3.*

*Meitsje mei elk fan de wurden dy't behannele wurde ûnder it kopke 'wurdbetizing' twa sinnen. Lit se neisjen troch minimaal trije klasgenoaten. Lis se dêrnei foar kontrôle foar oan dyn dosint.*

### Oefening 6

*Set oer yn goed Frysk.*

- a. De dikke vrouwen vonden het cadeau erg mooi.
- b. Ze is jarig en dat viert ze in het park bij de dikke boom.
- c. Ik houd erg van dikke boeken.
- d. De slimme jongen had er geen erg in dat er dikke olie uit de motor lekte.
- e. Het is niet erg dat je niet op mijn verjaardag komt.
- f. Het is niet zo slim om steeds op hun stoep te gaan staan.
- g. Geef me eens een dikke kus!
- h. Er leven mieren in het weiland.
- i. Waarom heb je geen voldoende voor het verslag van dat dikke boek?
- j. Magere mensen zijn lichter dan dikke mensen.

### Oefening 7

*Bestudearje learblok 4.*

*Folje in passende foarm fan it tiidwurd yn.*

1. Doe't Beatrix de keamer yn kaam, ..... allinnich de âldste minsken sitten. (bliuwe)
2. Hasto dat taffeltsje mei dy faas om.....? (triuwe)
3. Aladin ..... oer de lampe en doe ferskynde der in geast. (wriuwe)
4. Ik ..... fluch in briefke foar de oppas en draafde doe de doar út. (skriuwe)

### Oefening 8

*Skriuw de ûndersteande sinnen oer. Folje de passende foarm fan it tiidwurd yn.*

1. Ik wol noch efkes by dy ..... (bliuwe)
2. Juster ..... de hûn rêstich sitten. (bliuwe)
3. Hasto de doar iepen ..... (triuwe)
4. Ferline jier ..... der yn ús klasse fjouwer minsken sitten. (bliuwe)
5. Dat famke ..... dat de ierde mar seistûzen jier âld is. (leauwe)
6. Ik ..... aanst wol efkes fan dyn sopke. (priuwe)
7. .... do eins dat der piper yn it iten sit? (priuwe)
8. Ferline jier ..... der in soad blêden op de fiver. (driuwe)
9. Aladin ..... oer de lampe en doe ferskynde der in geast. (wriuwe)
10. Ik ha syn ferhaaltsjes nooit echt ..... (leauwe)

### Oefening 9

*Set oer yn goed Frysk.*

1. Moeder zou de sla klaarmaken, maar ze kon hem beter aan het varken geven.
2. Ik houd erg van dikke boeken.
3. Geef me eens een dikke kus.
4. Toen Beatrix de kamer in kwam, bleven alleen de oudste mensen zitten.
5. Aladin wreef over de lamp en toen verscheen er een geest.
6. Waarom komen de mieren niet terug?
7. De academici aten nasi in de taxi.
8. In de duinen lag een geraamte.

## Oefening 10

Bestudearje learblok 5.

Skriuw de ûndersteande sinnen oer. Folje op de puntsjes yn: *ij/ei/ai/aaily*. Sjoch by twivel yn it wurdboek.

1. Der sit in b... b... d... yn 'e sûpengroattenbr....
2. Soe d... dat noch wol sm.....tsje?
3. Op sa'n moaie d... wol ik gjin spul m.... d.... ha.
4. It l....tse berntsje seach n.....sgjirich n..... de ealjeb.....
5. Yn de l.....te fan it hûs l..... er plat op 'e búk n..... it s.....lskip te sjen.
6. 'D... pleager.... fan d... wol ik net l.....e', s.... h....t.
7. Ik bin ben.....d oft it moand..... ek sn....e sil.
8. Moatst net te r.... wêze m..... dyn jild.
9. H... kr....t in pear n....e br....dene sokken fan beppe.
10. B..... d..... w..... is it rûchw..... noch hûndert meter n..... de bakker.....

## Oefening 11

Bestudearje learblok 6.

Ferbetterje de staveringsflaters yn de ûndersteande tekst.

Beppe bleauw de hiele wike. Se wie een âlde frou en se wie wolris wat yn 'e war, dêr hoechde Jan net bang foar te wêzen. Hy koe er wol om leitsje, mar sels foen beppe it wol ferfelend. Wurden en nammen wist se soms net meer. Se praatte der ljever net oer, mar Jan seag wol dat bêpe dermei ompakte. 'Wurdt ik ek sa, as ik âld bin?' tocht er.

## Oefening 12

Bestudearje learblok 7.

Dit is in herhellingsoefening. Jou yn kreas Frysk antwurd op de folgjende fragen.

- a. Wêrom skriuwe wy *sjeny* mei in *y*?
- b. Wêrom skriuwe wy *andyvje* mei in *y*?
- c. Wêrom skriuwe wy *muzyk* mei in *y*?
- d. Wêrom skriuwe wy *plysje* mei in *y*?
- e. Wêrom skriuwe wy *tiid* mei *ii*?
- f. Wêrom meie wy kieze út de skriuwwizen *computer* en *kompjûter*?
- g. Wat is in *eamelder* yn it Nederlânsk?
- h. Wat is it goede Fryske wurd foar *langzaam*?
- i. Wat is *sykhelje* yn it Nederlânsk?
- j. Hokker twa letters komme wol foar yn it Frysk, mar noait oan it begjin fan in wurd?

## Oefening 13

Kies de korrekte skriuwwize:

- a. revolúsje - revoluusje - revolusje - revoluesje
- b. revolúsjonêr - revoluusjonêr - revolusjonêr - revoluesjonêr
- c. televizje - televyzje - televisje - televizje - televiizje - televiisje
- d. prestizje - prestyzje - prestisje - prestizje - prestiizje - prestiisje
- e. kondysjonearje - kondisjonearje - kondyzjonearje - kondizjonearje

## Oefening 14

Bestudearje learblok 8.

Set de sinnen sa letterlik mooglik oer yn goed Frysk:

- a. Ik houd niet van koud eten.
- b. Waarom zit jij in de herfst vaak bij die haringkraam?
- c. Ze vroeg of het vandaag zondag was.
- d. De bruidegom had het grootste gebouw bekeken.
- e. Ze wil haar schuld afbetalen.

### **Oefening 15**

*Bestudearje learblok 9.*

*Set de ûndersteande sintsjes oer yn kreas Frysk.*

- a. Ik krijg het koud.
- b. De tandarts heeft het steeds over de rekening.
- c. Waarom komt hij niet terug?
- d. In de herfst eet ik graag een haring.
- e. De revolutie is al jaren geleden.
- f. Wat heeft ze geschreven?
- g. De bruidegom had drie koeien cadeau gekregen.
- h. Die twee mensen bleven hun hele leven samen.
- i. In de blauwe boekenkast stonden alle beige dossiermappen.
- j. Is het wel veilig om dagelijks vier glazen whisky te drinken?

### **Oefening 16**

*Bestudearje learblok 10 en besjoch it filmke dat derby heart.*

*a. Besjoch de twa kolommen mei frjemde wurden yn it Nederlânsk en Frysk op de folgjende side.*

*b. Dek de rjochter kolom ôf mei in stik papier.*

*c. Skriuw dêrop de Fryske skiuwwize fan de neamde lienwurden.*

*d. Kontrolearje dan oftst se goed skreaun hast. As dat net it gefal is, gean dan nei watst ferkeard dien hast.*

*e. Ast net begrypst wêrom't in wurd op in bepaalde manier skreaun wurdt, freegje it dan oan dyn dosint.*

### **Oefening 17**

*Bestudearje learblok 11.*

*Set de ûndersteande sinnen oer yn goed Frysk.*

- a. De lucht is blauw.
- b. Hij heeft zijn hele leven lang voldoende gehaald.
- c. Dat lichtblauwe pakje is zwaar en het donkerblauwe is licht.
- d. De lucht van spuitjes vind ik vies.
- e. Piet leeft van een klein inkomen.
- f. Wil jij de luchtballonnen voor mijn verjaardag opblazen?
- g. Hoog in de lucht schijnt de zon.
- h. Dat jonge hondje is heel levendig.
- i. Maak niet zo'n lawaai!
- j. Steek je handen in de lucht!

### **Oefening 18**

*Bestudearje learblok 12 en eventueel it filmke dat derby heart.*

*Set de ûndersteande sinnen oer yn goed Frysk.*

1. Ze wilde hem niet laten gaan.
2. Ik denk dat ze het wel kan doen.
3. Waarom zou dat moeten?
4. Is dat een vrucht die veel wordt gegeten?
5. Ik begrijp niet dat je nog niet bent begonnen.
6. Het is leuk dat je al met haar gesproken hebt.
7. Zou je me even willen helpen?
8. Wilt u die pizza om zes uur laten bezorgen?
9. Dat zijn de onderwerpen waar we over hebben gediscussieerd.
10. U mag wel gaan zitten.

**Nederlânsk**

parlement  
circulair  
beige  
webshop  
producent  
cacao  
cadeau  
aquaduct  
bougie  
chantage  
coupon  
malaise  
theater  
yoga  
chocolade  
accent  
taxi  
mountainbike  
examen  
stage  
bureau  
theoloog  
theologie  
qua  
decadent  
campagne  
coupé  
café  
secundair  
computer  
klantendossier  
patiëntendossier  
conférencier  
stylesheet  
calorie  
theorie  
lineair  
mathematisch  
theatraal  
cavalerie  
training  
catamaran  
exact  
quorum  
ravage

**Frysk**

parlemint  
sirkulêr  
bêzje  
websjop/webshop  
produsint  
kakao  
kado  
akwadukt  
bûzjy  
sjantaazje  
kûpon  
malêze  
teater  
yoga  
sjokolade (ek goed: sûkelade/sûkelarje)  
aksint  
taksy  
mountenbaik/mountainbike  
eksamen  
staaazje  
buro  
teolooch  
teology  
kwa  
dekadint  
kampanje  
kûpee  
kafee  
sekundêr  
kompjûter/computer  
klantedossier  
pasjintedossier  
konferensier  
stailsjiit/stylesheet  
kalory  
teory  
lineêr  
matematysk  
teatraal  
kavalery  
trening/training  
katamaran  
eksakt  
kwoarum  
ravaazje

### Oefening 19

*Set oer yn goed Frysk:*

1. Waar zou jij over willen praten?
2. Daar liggen de boeken die gelezen moeten worden.
3. Daar staan de vrouwen die uitgenodigd willen worden.
4. Zou je mij je nieuwe auto willen laten zien?
5. Weet jij wat er allemaal met een kurk kan worden gedaan?
6. De baas zei dat we moesten gaan staan.
7. Denk je dat hij mij in zijn auto wil laten rijden?
8. Zouden we dat nog kunnen laten repareren?
9. Denk je dat daarover gesproken zal worden?
10. Is dat grond waar ik een huis op kan laten bouwen?

### Oefening 20

*Bestudearje learblok 13.*

*Set oer yn goed Frysk:*

1. Ga hier maar liggen.
2. Wil je niet gaan zitten?
3. Ik vraag me af wat hij gaat doen.
4. Zouden ze gaan scheiden?
5. Ga je mee vissen?

### Oefening 21

*Bestudearje learblok 14.*

*Jou fan de ûndersteande sinnen oan oft it tiidwurd 'bliuwe' der goed brûkt is. Sa nee, ferbetterje de sin dan.*

1. Bliuwst noch efkes by my?
2. Dat minske bliuwt mar trochpraten oer har hûn.
3. Bliuwt der no alwer in fel papier yn it kopiearapparaat stekken?
4. Tinksto dat it Brabânsk noch lang bestean bliuwt?
5. Se bliuwt faak hiel lang wekker.
6. Hy bliuwt bûter op syn bôle smarren.
7. De hin bliuwt keakeljen.
8. Wêr bliuwt de tiid?
9. Bliuwst my no foar de gek hâlden?
10. Ik freegje my ôf oft dy hûn dêr noch lang rêstich lizzen bliuwt asto sa lûd praten bliuwst.

### Oefening 22

*Bestudearje learblok 15.*

*Jou fan de sinnen hjirûnder de taalkundige ûntleding (wurdsoarten beneame). Brûk sawol de Nederlânske as de Fryske nammen.*

- a. Hee, wêr is myn paspoart?
- b. Myn twa leave hûntsjes boartsje graach mei harren bal.
- c. Op it dak fan de tsjerke stiet in hoanne.
- d. Foar wa dochst dat?
- e. De man en de frou prate gesellich oer it nije boek fan harren favorite skriuwer.

### Oefening 23

*Yn de ôfrûne lessen hawwe wy fan alles leard oer tiidwurden yn it Frysk: oer de foarm, oer de folchoarder en oer it gebrûk fan komme, gean en bliuwe. Lit no ris sjen oft jim de stof goed yn 'e macht hawwe troch de flaters yn de ûndersteande sinnen te korrizjearjen.*

1. As it bliuwt reinen, moatte wy in skûlplak gean sykjen.
2. Asto it net hast dien, soe ik net witte wa't dan de skuldige wêze kin.
3. Giest no wer eameljen, ferfelende fint?
4. Giest hjir ek sitten of wolst leaver bliuwe stean?



5. Soms sizze minsken dingen dy't se net moatte fertelle.
6. Giest mei húswurk meitsjen?
7. As alle dingen sa bliuwe soenen, dan soe der ek neat ferbetterje.
8. Soest dat sa kinne sizze of is it better om it oars út te drukken?
9. Ik soe net witte oftst dat sa soest dwaan kinne.
10. Sy hoopje dat harren partij de grutste wurdt, mar ik hoopje dat mines giet winnen.

### Oefening 24

*Meitsje it hokje foar de korrekte oanfolling swart:*

1. Ik wol graach witte hoe't ik dat ...
  - A. dwaan kin
  - B. kin dwaan
2. 'Do meist dêr wol hingjen bliuwe' is ...
  - A. goed Frysk
  - B. min Frysk
3. 'Dat wol ik noch hiel lang dwaan bliuwe' is ...
  - A. goed Frysk
  - B. min Frysk
4. Witsto noch watsto juster ...
  - A. iten hast
  - B. hast iten
5. Soe dat lytse famke al ...
  - A. kinne fytse
  - B. fytse kinne
6. Bliuwt er by de buorlju ...
  - A. plakken.
  - B. iten.
7. Giesto dêr ...
  - A. wenjen?
  - B. sitten?
8. Bliuwsto dêr ...
  - A. lizzen?
  - B. dûnsjen?
9. Hoe tinksto dat er dat ...
  - A. meitsjen giet?
  - B. meitsje sil?
10. Wolst dêr efkes rêstich ...
  - A. sitten gean?
  - B. gean sitten?

### Oefening 25

*Set oer yn goed Frysk.*

- a. De dikke vrouwen vonden het cadeau erg mooi.
- b. Ze is jarig en dat viert ze in het park bij de dikke boom.
- c. Ik houd erg van dikke boeken.

- d. De slimme jongen had er geen erg in dat er dikke olie uit de motor lekte.
- e. De lucht is uit mijn fietsband en nu moet ik door het weiland lopen.
- f. Zou u misschien willen gaan zitten?
- g. De haas was niet snel genoeg voor de chaotische jager.
- h. Volgens mijn analyse is de grijze nevel een surprise van de wijze goden.

### **Oefening 26**

*Bestudearje learblok 16.*

*Set oer yn goed Frysk:*

- a. Ik zie het gebouw waar je werkt.
- b. Waar woont hij?
- c. Ik weet waar hij woont.
- d. Waar ligt Donkerbroek?
- e. Ik vond het erg leuk op de school waar ik heb stagegelopen.

### **Oefening 27**

*Bestudearje learblok 17.*

*Set oer yn goed Frysk:*

- a. Hij werd er niet goed van.
- b. Wanneer werden de Antillen zelfstandig?
- c. Ik ben op vakantie geweest in Amerika.
- d. Is de ober al geweest met de rekening?
- e. Er werd een hoger salaris geëist.

### Learblok 1. De 'soldaten'-regel

De wurden 'kat' en 'pot' hawwe deselde klank. Dy klank wurdt yn de folgjende gefallen mei in 'a' skreaun:

- hy stiet foar ien fan de letters s – l – d – t – n (SoLDaTeN) en:
- it Nederlânsk hat min-ofte-mear itselde wurd mei in 'a'.

Foarbylden:

<u>Nederlânsk:</u>	<u>Frysk:</u>
kat	kat
man	man
passen	passje
pot	pot
hok	hok
stampen	stampe
bank	bank

Sjoch ek it filmke 'soldaten'-regel':

<http://www.youtube.com/watch?v=7ICGDUyas-s>

### Learblok 2. Twalûden en brekking

Ast in wurd mei in twaklank langer makkest, dan feroaret dy twaklank soms. Wy neame dat 'brekking'. Hjiûnder steane in pear foarbylden:

*ien stien, twa stiennen, in lyts stientsje*

De twaklank fan *stiennen* en *stientsje* is gelyk oan de twaklank fan *strjitte*. Mar omdat *stiennen* en *stientsje* fan it wurd *stien* komme, behâlde wy de skriuwwize mei *ie*.

Wy skriuwe dêrom ek net *twa fjerren*, mar *twa fearren*, want *fearren* komt fan *fear*.

Wol ferdûbelje wy de medeklinker om oan te jaan dat de klank feroare is, dus *stiennen* en *doarren* yn plak fan *stienen* en *doaren*. Dat dogge wy allinne as dêrnei wer in klinker stiet, dus wy skriuwe wol gewoan *stientsje* en *doarke*.

Brekking komt ek wolris foar as wy it wurd net langer meitsje. Der komme dan yn it Frysk twa útspraken foar. Sa kinne wy *Hy stiet yn de krante* mei deselde útspraak 'stjit'. Wy skriuwe dan doch *stiet* omdat dy útspraak ek foarkomt.

De regel dat wy de skriuwwize fan it basiswurd brûke jildt foar de klanken *ie*, *ea* en *oa*:

stien - stiennen - stientsje  
ik hear, wy hearre, ik ha heard  
doar - doarren - doarke

De twaklank *oe* kin ek feroarje yn in oare klank. Dy oare klank skriuwe wy as *uo*. Foarbylden binne:

stoel - stuollen - stuoltsje

Nei de *uo* wurdt de medeklinker ek wer ferdûbele as dêrnei wer in klinker komt (*stuollen*).

Sjoch ek it filmke 'twalûden':

<http://www.youtube.com/watch?v=TI-2ymvW-xQ>

### Learblok 3. Wurdbetizing

---

#### Dik (NI)

een dik boek – in tsjok boek  
dikke vloeistof – tsjokke floeistof  
een dikke man – in grouwe man  
een dik salaris – in grou salaris  
een dikke kus – in dikke tút

'tsjok' wol sizze:

1. sjerpachtich (Nederlânsk: 'stroperig')
2. nei ien kant ta breed (fan platte dingen lykas boeken)

'grou' wol sizze:

1. nei twa kanten ta breed (fan net platte dingen lykas beammen)
2. net meager (fan minsken en dieren)

It wurd 'dik' komt yn goed Frysk allinne mar foar yn de kombinaasje 'dikke tút'.

#### Erg (NI)

erg mooi – hiel moai, tige moai  
erg oud – hiel âld, tige âld  
erg verwaarlozen – slim fertutearzje litte  
zich erg bezeren – jin slim sear dwaan  
erg houden van – in soad/protte hâlde fan  
iets heel erg vinden – eat hiel slim fine  
dat is echt erg – dat is echt slim  
er geen erg in hebben – der gjin erch yn hawwe

'hiel' en 'tige' wurde brûkt as:

1. fersterking fan in eigenskip (hiel moai, hiel âld, tige min, tige wyt)

'in protte' en 'in soad' kinne brûkt wurde as oersetting fan it Nederlânske 'erg' as

1. je yn it Nederlânsk ek 'veel' of 'een boel' sizze kinne.

'slim' wol sizze:

1. aaklik, ferfelend, emosjoneel swier
2. synonym fan 'earnstich' (slim fertutearzje litte)

'erch' wurdt brûkt:

1. yn de útdrukking: (gjin) erch hawwe yn
2. yn de útdrukking: sûnder erch ('ûnbewust')

#### Slim (NI)

een slimme jongen – in tûke/yntelliginte jonge  
dat was niet zo slim – dat wie net sa tûk/hannich

It Fryske wurd 'slim' betsjut 'aaklik', 'ferfelend', 'emosjoneel swier'. Yn de betstjutting 'yntelligint' is 'slim' in ynterferinsje.

#### Jarig (NI)

ze is jarig - it is har jierdei

It Fryske wurd 'jierdei' is gjin oersetting fan it Nederlânske 'jarig', mar fan it Nederlânske 'verjaardag'. Der is gjin Frysk wurd foar 'jarig'.

#### Learblok 4. Tiidwurden op -iuwe

Der binne yn it Frysk in protte tiidwurden ('werkwoorden') dy't útgeane op -iuwe. Foarbylden binne: priuwe, skriuwe, driuwe en bliuwe. Dy tiidwurden wurde allegear op deselde manier ferbûgd.

Skriuwe

Notiid (tegenwoordige tijd)

Doetiid (verleden tijd)

Ik skriuw

Ik skreau

Do skriuwst

Do skreaust

Hy skriuwt

Hy skreau

Wy skriuwe

Wy skreaunen

Jim skriuwe

Jim skreaunen

Sy skriuwe

Sy skreaunen

Ik ha skreaun

Tink derom: it tiidwurd 'leauwe' (geloven) wurdt oars skreaun en it is regelmjittich!

#### Learblok 5. De ij-klanken

It Frysk hat krekt as it Nederlânsk de lange *ij* en de koarte *ei*. Minsken fan de Klaai kinne it ferskil tusken dy twa sels hearre, minsken út de Wâlden moatte fan elk wurd de skriuwwise ûnthâlde.

Nederlânsk:

Frysk:

nieuw

nij

koeien

kij

na, naar

nei

weiland

greide

Der binne twa gebrûkljike wurden mei *ai*: *laitsje* en *mais*. Fierders komt de *ai* soms foar as wy wurden mei *aai* langer meitsje:

aai -> aaïke / aïke

kaai -> kaaïke / kaaïke

maai -> maaitiid / maitiid

By de folgjende pear wurden kinst kieze tusken *y* en *ij*: *by/bij* (as ferhâldingswurd = voorzetsel), *hy/hij*, *sy/sij*, *wy/wij*, *my/mij*, *dy/dij*.

Sjoch ek it filmke 'lange ij en koarte ei':

<http://www.youtube.com/watch?v=xmKeVAMC5Pk>

#### Learblok 6. De d's en t's yn tiidwurden

De regels foar de d's en t's binne yn it Frysk hast itselde as yn it Nederlânsk. Bygelyks:

- *Hy wurdt* (3e persoan enkelvoud, stam + t)

- *Ik ha dat net leaud*. (voltooid deelwoord, regel van 't kofschip)

Der is ien útsûndering: de doetiid (verleden tijd) wurdt yn it Frysk altyd sa koart mooglik skreaun, dus:

- *Juster praten wy de hiele jûn oer de ferkiezigen*. (Nederlânsk: *praatten*)

- *Doe't se lyts wie, prate se net folle*. (Nederlânsk: *praatte*)

Sjoch ek it filmke 'd's en t's':

[http://www.youtube.com/watch?v=yt\\_uWap1leg](http://www.youtube.com/watch?v=yt_uWap1leg)

### Learblok 7. De i-klanken en u-klanken foar de sj / zj / vj

Direkt foar de *sj / zj / vj* wurde de i-klanken en de u-klanken oars skreaun as dat wy wend binne.

As de koarte i-klank foar in *sj / zj / vj* stiet, moatst sjen oft er klemtoan krijt. Sa ja, dan skriuwst him as *y*. Sa nee, dan skriuwst *i*.

As de lange i-klank foar in *sj / zj / vj* stiet, moatst ek sjen oft er klemtoan krijt. Sa ja, dan skriuwst *ii*. Sa nee, dan skriuwst *i*.

As de u-klank foar in *sj / zj / vj* stiet, moatst ek sjen oft er klemtoan krijt. Sa ja, dan skriuwst *ú*. Sa nee, dan skriuwst *u*.

Foarbylden: (de lettergreep mei de klemtoan is ûnderstrepe)

telev <u>y</u> zje	and <u>y</u> vje
prest <u>i</u> izje	prestis <u>j</u> eus
revol <u>u</u> sje	revolusjon <u>ê</u> r

### Learblok 8. Stomme letters

Yn it Frysk komme ferskillende wurden foar mei letters deryn dy't net útsprutsen wurde. In oantal fan dy wurden moatst ûnthâlde, oaren komst fansels tsjin ast Fryske boeken lêst.

ôf, oft (stomme f)

âld, kâld, hâlde ensfh. (stomme l)

hjerring, hjerst, hjoed ensfh. (stomme h)

do sitst, it grutst ensfh. (stomme t)

### Learblok 9. Ynterferinsjes

Ademhalen – sykhelje	Kneuzen – knieze
Ik krijg het koud – Ik wurd kâld	Overleden – stoarn, ferstoarn
Ik heb het koud – Ik bin kâld	Snoepen – snobje
Krabben – klauwe	Tandarts – toskedokter
Bloeden – bliede	Overgeven – spuie
Hoofdpijn – pineholle	Smelten – rane
Verstuiken – ferknoffelje, ferstûkje	Stoppen (ophouden) – ophâlde
Kauwen – kôgje, kauje	Stoppen (stil blijven staan) – hohâlde
Slikken - slokke	Stoppen (dichtmaken) - stopje

## Learblok 10. Frjemde wurden

Wurden út bûtenlânske talen wurde op syn Frysk skreaun. Ingelske wurden meie ek op syn Ingelsk skreaun wurde.

De letters *q* en *x* wurde yn it Frysk net brûkt.

De letter *c* wurdt allinnich brûkt yn de kombinaasje *ch*.

Wurden út bûtenlânske talen dy't yn it Nederlânsk *ent* of *ens* hawwe, hawwe yn it Frysk meastal *int* en *ins*.

Wurden út bûtenlânske talen dy't yn it Nederlânsk *th* hawwe, hawwe yn it Frysk allinnich in *t*. De *th* komt wol foar yn it Frysk wurd *thús*.

Frjemde wurden wurde yn it Frysk mei de letter *y* skreaun as dat yn it Nederlânsk ek it gefal is.

De Frânske útgongen *-oir* en *-ier* bliuwe yn it Frysk stean.

Sommige bûtenlânske wurden krije yn it Frysk in ûnlogyske skriuwwize. Sykje sa'n wurd by twivel altyd efkes op yn it wurdboek.

Foarbylden:

<u>Nederlânsk:</u>	<u>Frysk:</u>
quotum	kwotum
equivalent	ekwivalint
taxi	taksy
café	kafee
centrum	sintrum
chef	sjef
chemisch	gemysk
vignet	finjet
cognac	konjak
stage	staaazje
garage	garaazje
beige	bêzje
bougie	bûzjy
mayonaise	mayonêze
couveuse	kûveuze
computer	kompjûter / computer
trainer	trener / trainer
accent	aksint
lens	lins
centrum	sintrum
bibliotheek	biblioteek
theater	teater
trottoir	trottoir
boudoir	bûdoir
dossier	dossier

Sjoch ek it filmke 'frjemde wurden':

[http://www.youtube.com/watch?v=e3KwA7\\_aXm4](http://www.youtube.com/watch?v=e3KwA7_aXm4)

## **Learblok 11. Wurdbetizing**

---

### Loft of lucht?

Der binne minsken dy't tinke dat 'lucht' gjin geef Frysk wurd is en dat wy altyd it wurd 'loft' brûke moatte. Dat is sa net, want beide wurden komme foar.

'Loft' is it de himel boppe ús, mei wolken en sa; 'lucht' is it gas om ús hinne en it Fryske 'lucht' wurdt ek brûkt foar wat yn it Nederlânsk 'reuk' of 'geur' hyt.

De loft is blau.

Der siet te min lucht yn 'e foarste bân fan myn fyts.

Wat hinget hjir in goare lucht!

### Licht of ljocht?

'Licht' en 'ljocht' binne beide 'licht' yn it Nederlânsk. 'Licht' brûke wy yn it Frysk foar it tsjinstelde fan 'swier'. 'Ljocht' is it tsjinstelde fan 'tsjuster' of 'donker/dûnker'.

Hy mei al wer wat licht wurk dwaan.

It is moarns om acht oere hast al wer ljocht.

Har bern hawwe allegear ljocht hier. (= blond haar)

### Leven of libben?

It Fryske wurd 'leven' betsjut yn it Nederlânsk 'lawaaï'. It Fryske 'libben' betsjut yn it Nederlânsk 'leven', 'levend' of 'levendig'. It Nederlânske tiidwurd 'leven' is 'libje' yn it Frysk.

De bern meitsje in protte leven.

It libben is mar koart, genietsje der fan!

It famke is tige libben, sy kin amper stil sitten bliuwe.

Wy libje yn in ryk lân.

## **Learblok 12. Tiidwurdfolchoarder**

---

### **In stikje herhelling:**

Yn it Nederlânsk steane de tiidwurden faak yn in oare folchoarder as yn it Frysk. In pear foarbylden:

(1)

Ned.: Ik kan dat lekkere bier niet laten staan

Frysk: Ik kin dat lekkere bier net stean litte

(2)

Ned: Zou je me willen helpen?

Frysk: Soest my helpe wolle?

Soms hat it Nederlânsk twa mooglikheden en it Frysk mar ien:

(3)

Ned.: Waar denk je dat ik over heb gezongen / gezongen heb?

Frysk: Wêr tinkst dat ik oer songen ha?

(4)

Ned.: Weet jij wanneer we worden opgehaald / opgehaald worden?

Frysk: Witsto wannear't wy ophelle wurde?

Hoe kinst no witte wat yn it Frysk de goede folchoarder is? Der binne trije trúkjes om dêrachter te kommen:



1. As der yn it Nederlânsk mar ien folchoarder mooglik is, dan is de folchoarder yn it Frysk oarsom. Dat is it gefal by de sinnen (1) en (2) hjirboppe.

2. Fierder kinst ûnthâlde dat yn it Frysk it belangrykste tiidwurd foar it helptiidwurd komt. Meastal drukt it belangrykste tiidwurd in hanneling út.

3. In tredde trúkje is dat it tiidwurd mei de sterkste klemtoan foarop komt.

### **En no wat yngewikkelder:**

De trúkjes dyst yn de foarige les leard hast om de folchoarder fan twa tiidwurden te bepalen wurkje ek mei trije tiidwurden. Sjoch mar ris nei de sinnen hjirûnder:

(1)

Ned.: Zou je haar het ontwerp even willen laten zien?

Frysk: Soest har it ûntwerp efkes sjen litte wolle?

(2)

Ned.: De meester zei dat we moesten gaan zitten.

Frysk: De master sei dat wy sitten gean moasten.

Der is by de Nederlânske sinnen mar ien mooglike folchoarder. De Fryske folchoarder is dan eksakt omkeard. Soms lit it Nederlânsk mear as ien folchoarder ta. Sjoch mar:

(3)

Ned.: Daar liggen proefwerken die bekeken moeten worden / moeten worden bekeken.

Frysk: Dêr lizze de proefwurken dy't besjoen wurde moatte.

Kinst it ek sa dwaan: pakst earst it belangrykste tiidwurd. Dat is yn sin (1) it wurd *sjen*. By *sjen* heart it helptiidwurd *litte*. Dat komt derachter. It oerbliuwende helptiidwurd *wolle* komt dêr wer achter.

Kinst ek sizze: it wurd *sjen* hat de sterkste klemtoan. Dat komt dus foaroan. Foar de oare twa helptiidwurden moastst ien fan de oare trúkjes brûke.

Ast de útlis noch in kear hearre wolst, besjoch dan op 'e nij it filmke fan perioade 1 oer tiidwurden:

[http://www.youtube.com/watch?v=Y6J\\_GQL1P\\_s](http://www.youtube.com/watch?v=Y6J_GQL1P_s)

### **Learblok 13. Gean**

---

It tiidwurd 'gaan' kin yn it Nederlânsk as selsstannich tiidwurd ('werkwoord') foarkomme. It gebrûk fan it Fryske 'gean' is yn dat gefal gelyk:

- Ik ga morgen naar Groningen.
- Ik gean moarn nei Grins.

It tiidwurd 'gean' kin yn it Nederlânsk ek as helptiidwurd brûkt wurde by in oar tiidwurd. It drukt dat út dat de hanneling fan dat oare tiidwurd yn de takomst plend is. In pear foarbylden:

- Ik ga morgen dansen.
- Gaan we zometeen huiswerk maken?
- Waarom gaan jullie nu opeens dwarsliggen?
- Wat ga je doen?

Wat yn it Nederlânsk mei hast alle tiidwurden kin, kin yn it Frysk allinne mar mei de fjouwer tiidwurden:

- sitte (Gean dêr mar sitten)
- stean (Se gong stean.)
- lizze (De hûn gong op 'e matte lizzen.)
- hingje (Wêrom geane dy apen foar it rût hingjen?)

Ast de Nederlânske sinnen hjirboppe oersetse wolst, moatst dus wat oars betinke. Soms kinst 'te' ynfoegje om in goede sin te krijen:

- Ik ga morgen dansen.
- Ik gean moarn te dûnsjen. (net goed is: Ik gean dûnsjen)

Soms kinst it tiidwurd 'sille' brûke:

- Gaan we zometeen huiswerk maken?
- Sille wy aanst húswurk meitsje? (net goed is: Geane wy húswurk meitsjen?)

Soms kinst it hielendal sûnder helptiidwurd ôf:

- Waarom gaan jullie nu opeens dwarsliggen?
- Wêrom lizze jim no ynienen dwers?

En soms moatst dyn fantasy efkes brûke en in hiel oare sin mei min ofte mear deselde betsjutting betinke:

- Wat ga je doen?
- Wat bist fan doel?

#### **Learblok 14. Bliuwe**

---

It tiidwurd 'blijven' kin yn it Nederlânsk as selsstannich tiidwurd ('werkwoord') foarkomme. It gebrûk fan it Fryske 'bliuwe' is yn dat gefal gelyk:

- Hij bleef op zijn plaats.
- Hy bleau op syn plak.

It tiidwurd 'blijven' kin yn it Nederlânsk ek as helptiidwurd brûkt wurde by in oar tiidwurd. It drukt dan út dat de hanneling lang duorret. In pear foarbylden:

- Hij bleef maar zeuren.
- De vliegtuigen bleven maar komen.
- Hij blijft zich vervelen.
- Hij blijft op de muur beuken.

Wat yn it Nederlânsk mei hast alle tiidwurden kin, kin yn it Frysk allinne mar mei de ûndersteande tiidwurden:

- sitte (Bliuw dêr mar sitten.)
- stean (Ik hoopje dat dat boek stean bliuwt.)
- lizze (Se woe noch efkes lizzen bliuwe.)
- hingje (Bliuwst noch efkes hingjen?)
- wenje (Se bleau noch in jier yn Ljouwert wenjen.)
- stekke/stykje/stûkje (It papier bleau yn de printer stekken/stykjen/stûkjen.)
- plakke/kleve/klibje (Der bliuwt my wolris wat ûnder de skoech plakken/kleven/klibjen)
- bestean (Fryslân bliuwt altyd bestean!)
- driuwe (Hout bliuwt op wetter driuwen.)

Ast de Nederlânske sinnen hjirboppe oersetse wolst, moatst dus wat oars betinke. In pear foarbylden:

- Hij bleef maar zeuren.

- Hy eamele mar troch.
- De vliegtuigen bleven maar komen.
- De fleanmasines kamen en kamen mar.
- Hij blijft zich vervelen.
- Hy ferfeelt him noch hieltyd.
- Hij blijft op de muur beuken.
- Hy giet mar troch mei op 'e muorre slaan.

### **Learblok 15. Untleedtermen**

---

<u>Fryske namme:</u>	<u>Foarbylden:</u>	<u>Nederlânske namme:</u>
Haadwurd	stoel, kast, stilte	zelfstandig naamwoord
Eigenskipswurd	grien, hurd, skjin	bijvoeglijk naamwoord
Tiidwurd	sitte, meitsje, skriuwe	werkwoord
Lidwurd	de, it, in	lidwoord
Telwurd	ien, tsiende, inkelde	telwoord
Foarnamwurd	ik, dat, wa	voornaamwoord
Bywurd	moarn, stadich, soms	bijwoord
Ferhâldingswurd	op, ûnder, tsjin	voorzetsel
Bynwurd	en, of, mar	voegwoord
Útropwurd	ja, och, hearken	tussenwerpsel

### **Learblok 16. Wêr / dêr / dêr't / wêr't**

---

It Nederlânske *waar* kinst op ferskillende manieren yn it Frysk oersetse.

1. As fraachwurd is it *wêr* as de persoansfoarm der direkt achter komt.

<u>Nederlânsk:</u>	<u>Frysk:</u>
Waar woont hij?	Wêr wennet hy?

2. As fraachwurd is it *wêr't* as de persoansfoarm der net direkt achter komt.

<u>Nederlânsk:</u>	<u>Frysk:</u>
Ik weet waar hij woont.	Ik wit wêr't er wennet.

3. As betreklik foarnamwurd wurdt it *dêr't*. In betreklik foarnamwurd slacht werom op in wurd yn deselde sin.

<u>Nederlânsk:</u>	<u>Frysk:</u>
het huis waar hij woont	it hûs dêr't er wennet

It Fryske wurd *dêr* is de oersetting fan it Nederlânske *daar* ('Dêr stiet in hûs').

### **Learblok 17. Problemen mei wêze/wurde/gean**

---

Yn de Fryske skriuwtaal mei net alles wat yn de sprektaal mei. In pear belangrike regels steane hjirûnder.

1. By it mulwurd ('voltooid deelwoord') *west* heart altyd in foarm fan it helptiidwurd ('hulpwerkwoord') *hawwe*.

Ik ben in Leeuwarden geweest = Ik ha(w) yn Dokkum west (net: bin west)  
 Jij bent ziek geweest = Do hast siik west (net: bist west)

Waar zijn jullie naartoe geweest? = Wêr ha(wwe) jim hinne west? (net: binne west)

2. It mulwurd fan *wêze* is op skrift altyd *west*.

Hij is bij de vergadering geweest = Hy hat by de gearkomste west (net: weest)

3. De doetiid ('verleden tijd') fan *wurde* hat altyd in aa-klank. Dus:

Ze werd tot burgemeester benoemd = Se waard as boargemaster beneamd (net: wurde)

Waar werden jullie geflitst? = Wêr waarden jim flitst? (net: wurden)

4. De doetiid fan *gean* is *gie* of *gyng* of *gong*. Yn it meartal ('meervoud') komt dêr -en achter.

Ik ging weg = Ik gie/gyng/gong fuort (net: gûng/goeng/gon/...)

Jij ging weg = Do giest/gyngst/gongst fuort

Hij ging weg = Hy gie/gyng/gong fuort

Wij gingen weg = Wy gienen/gyngen/gongen fuort

Jullie gingen weg = Jim gienen/gyngen/gongen fuort

Zij gingen weg = Sy gienen/gyngen/gongen fuort

It mulwurd is *gien* of *gongen*: Ik bin fuortgien/fuortgongen.